

IT
TERBEANE
BOEK

IT TERBEANE BOEK

Hanneke de Jong



Illustrasjes Monique Beijer

Bornmeer

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan:

Boersma-Adema Stichting
Douwe Kalma Stifting
Feitsma Fûns, Fûns fwar it Frysk
Provinsje Fryslân
Tresoar

De skriuwster krige foar it skriuwen fan dit boek
in projektsubsydzje fan it Nederlands Letterenfonds.

© 2020 Hanneke de Jong | útjouwerij Bornmeer

Yllustrasjes Monique Beijer

Foarmjouwing Monique Vogelsang

ISBN 978 90 5615 720 3

NUR 280 | 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, súnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl
www.hannekedejong.nl
www.moniquebeijer.nl

It earste slot

1. In nuvere buorman	8
2. It Ferbeane Boek	13
3. De geheime biblioteek	19

It twadde slot

4. Ut it hûske fan lego	29
5. Opsletten yn de grize keamer	33
6. Fan Smycht en Skarlún	38
7. Op 'e flecht	43
8. As it tsjuster wurdt	47
9. De earste opdracht	50


It tredde slot

10. Huzen mei praatsjes	57
11. Smycht achter de traaljes	66
12. Fjochtsje as kat en hekse	71
13. Allegear kaaien	77
14. De twadde opdracht	82
15. Skriuwe mei in fear	85
16. Fedde syn ferhaal	89

It fjirde slot

17. Allinnich op it strân	95
18. Wat is no echt?	99
19. De grutte bûnte walfisk	103
20. De lêste opdracht	107
21. Letters op it strân	111
22. De magyske bril	114

IT EARSTE SLOT





1. In nuvere buorman

Fedde ramt op de computer. ‘Toe no ding, sjit op, ik ha it level hast.’

‘Hee, hee, moat dat sa? Dat is myn computer, wolst dêr efkes rekken mei hâlde? Boppedat is dyn spultiid hast om, der binne bettere dingen dy’tst dwaan kinst.’

Mem wer. Foar de oanfal kieze, dat is it bêste. ‘As ik in playstation fan jim krij, kom ik net mear oan mem har computer. Dêr sitte teminsten coole spultsjes op.’

Fedde docht krekt as heart er mem net suchtsjen, want sy hat dat ferhaal faker heard.

‘Sagau’tsto lêze kinst, sille wy it deroer ha.’



Fedde dochte kaken opinoar. Fansels wit er dat er lêzen
leare moat; hy sit ommers al yn groep 5. Elkenien kin lêze.
Sels Jildou, syn suske dy't yn groep 3 sit, leart it no. Se leart it
sa fluch, dat hy him alle dagen mear skammet. Dan kriget er
gau tekenpapier en makket prachtige tekeningen. Dat kin er
teminsten wol.

‘Ik wol graach datst even wat foar my dochst.’

No is it Fedde syn beurt om te suchtsjen. Mem wit altyd
ferfelende putsjes te betinken.

‘Efkes in pantsje sop nei buorman Jan bringe. Dan witte wy
daliks oft er noch libbet. Ik ha him al yn gjin dagen sjoen.’

No én, tinkt Fedde, buorman Jan is in nuvere fint. En
hy ís net iens harren buorman; de achtertunen lizze
tsjininoar oan en oer de hage praat mem wolris mei him.

As Fedde freget wêrom't se dat docht, seit se dat se it gefoel hat dat se wat op him passe moat. Mar wêrom dat sa is, seit se net.

'Doch it lekker sels,' seit Fedde. Eins is er benaud foar buorman, mar dat wol er net fernimme litte. Dy man sjocht der altyd raar út, hat lange slierten tin, griis hier, klean dy't him as fodden om it liif hingje en meastal in sinnebril op.

'Ik ha it drok!' Mem makket ekstra folle leven yn de keuken. Fedde suchtet djip. 'Okee. Mar dan mei ik aanst noch in oere op de computer.' Hy wachtet net oant mem reagearret, mar freget: 'Wêr is dy panne?'

'Hjir, it stâlpantsje.'

Bûten wurdt it al skimerich. Foarsichtich rint er troch de tún, mei it pantsje in ein foar him út. By de hage makket er him lyts sadat er troch it gat past dat deryn sit. Goed útsjen, want hjir leit buorman syn rotsoai: âlde meubels, in ferrustke kuolkast, túnstuoltsjes sùnder sitting en noch folle mear, mei der tuskentroc'h in paadsje. Wêrom bewarret buorman syn keet net yn de grutte skuorre achter syn hûs? Hy is de iennige yn de strjitte mei in âld pleatske!

By de syddoar bliuwt er stean. Der is gjin belle of klopper en oant no ta wie dat net nedich om't buorman him by de doar opwachte. No is er der net. Hat mem net belle fan tefoaren? Dan mar klepperje mei de brievebus. Dat makket sa'n leven dat de hiele buert it hearre kin! Gau hâldt er op, buorman komt dochs net.

Is de doar miskien los? Fedde docht de doarskruk nei ûnderen en ja, hy kin sa trochrinne.

'Buorman?' ropt er wylst er yn 'e doar stean bliuwt.

'Buormaan!'

Syn stim trillet in bytsje. Hy wurdt lilk op himsels. Kom op, net oanstelle. Der kin neat barre en mem is tichtby.

‘Ik ha in pantsje sop fan ús mem. Sil ik it mar yn de keuken sette?’

It bliuwt noch hieltyd stil. Wat moat er no dwaan? It pantsje foar de doar delsette? Dan falt buorman der miskien oer as er nei bûten ta giet. Of oarsom, as er echt net thús is. Werom nei hûs? Dat kin ek net, want mem wol witte oft buorman noch libbet. Dus rint er stapke foar stapke troch de hast tsjustere gong. Oan ‘e ein stiet in doar op in kier en dêr brânt in Ijochtsje. Dat is grif de keuken.

Hie mem it sels mar dien, dat docht se oars ek meast.

It is stil yn ‘e hûs, deastil. Wêr sit dy man? Aanst leit er echt dea op ‘e grûn, mei in grut mes yn it boarst of sa.

Yn syn holle heart er mem sizzen dat er te folle nuvere spultjes docht op de computer. Mar op skoalle fynt juf dat er gewoan in protte fantasy hat.

By de heal iepene doar sjocht er om it hoekje. It is in keamer dêr’t ien lampke sunich brânt. Der stiet in grutte houten tafel. Foar it pantsje sop is hast gjin plakje vrij, sa grôtfol leit it mei boeken, kranten, tydskriften en ark om mei te fervjen en te timmerjen. En in nije, sulverkleurige laptop! Dy sjocht der folle moaier út as dy âlde swarte fan mem! Foarsichtich skoot er wat guod oan ‘e kant.

Bats! Der falle in pear skroevedraaiers en in seage op ‘e grûn. Stiif fan skrik bliuwt Fedde stean. As it stil bliuwt, set er it pantsje op in hoeke fan de tafel.

No gau nei hûs.

Mar dan sjocht er wat glimmen, op in houten kistke ûnder in steapel boeken.

Nijsgjirrich rint Fedde de keamer yn en tilt de boeken op om te sjen wat it is. It is ek in boek, dik en grif hiel âld. Der sit in grut slot op, glânzgjend en prachtich bewurke. Dat sil wol echt sulver wêze. Doart er it boek op te pakken? Hy wol graach dat slot fan tichtby bestudearje.

‘Wat moat dat!?’

Fedde draait him om en lit yn ien kear alle boeken út ‘e hinnen falle. It lampke skynt him rjocht yn it gesicht. Fan buorman Jan sjocht er net mear as it sylhûet.

Dy bliuwt flak by Fedde stean. ‘Ik frege dy wat, jonkje!’

‘Ik eh ...’

‘No?’

Dan wit er it wer. ‘Ik ha jo in pantsje sop brocht. Us mem tocht dat jo miskien siik wiene. Se hie jo al in pear dagen net sjoen.’

‘En dat fynsto in reden om yn myn guod om te sneupen?’

‘It stiet hjir op ‘e tafel.’ Fedde besiket by buorman lâns te glippen en stroffelet oer in pear bierfleskes. Krekt foardat er falt, grypt buorman him by de trui.

‘Help!’ Fedde smoart hast. ‘Help, help!’

Gjinien heart him fansels, hy kin amper lûd jaan.

Buorman set him wer op ‘e fuotten. ‘Wat no, mantsje, wie hy in bytsje bang?’

Wat in aaklik lûd hat de man, as hat er de gek mei him.

Fedde is bliid dat syn maten him hjir net sjogge.

‘Ik moat nei hûs,’ bromt er. ‘Us mem wachtet mei it iten.’

‘Betankje har mar foar it sop. Moarn set ik it pantsje wol by jim op ‘e stoepe del. En ast hjir wer ris komst, dan wachtest by de doar, krekt as oars. Do bliuwst fan myn guod ôf. En dat boek datsto seachst, is hielendal ferbean foar dy! Begrepen?’ It komt der driigjend út.

‘Ja, buorman.’

Fedde draaft nei bûten ta, nei it gat yn ‘e hage. As er thús de doar achter him tichtklapt, heart er de âldman noch laitsjen.

2. It Ferbeane Boek

‘Wat duorre dat lang,’ prottelet mem as Fedde der ynkomet.

‘Hy kaam noait.’

‘Wie er net thús?’

‘Jawol. Hie mem earst net belle?’

‘Och, hielendal fergetten. Wolsto de tafel efkes klearmeitsje?’

Heit komt jûn net thús en Jildou yt by beppe.’

Fedde leit de boarden en it bestek op tafel. Yntusken tinkt er nei oer wat er krekt meimakke hat. Al dy boeken, kranten en oare troep yn it ljocht fan dat suterige lampke. Dêrtusken dat âlde boek mei dat prachtige, sulveren slot. Wat woe er dat graach better besjen. En it luts op in frjemde manier oan him, as woe it sizze: lês my, lês my. In boek dat oan him freget om it te lêzen! Mar ja, dat grutte slot. Hoe krijst soks iepen? Buorman Jan sei dat dat boek ferbean is foar him.

Wêrom? Allinnich foar him? Of ek foar oaren? Wat is dat dan foar boek?

Hy giet nei de keuken dêr’t mem dwaande is de jirpels ôf te jitten.

‘Hat mem wol ris in boek sjoen mei in slot derop?’

‘Jawis wol. Ik hie, doe’t ik in famke wie, in deiboek mei in slotsje. Myn broer makke it altyd iepen mei in paperclip. Hy woe lêze wat ik skreaun hie. Is de tafel al klear?’

Dat is net it antwurd dat Fedde ha wol. Harket mem wol?

Mar as se oan tafel sitte en mem it iten opskept, freget se:

‘Hoe komst by in boek mei in slot? Wêr hast dat sjoen? Soest dat boek graach lêze wolle?’

‘Nee,’ grommelet Fedde. Hy stekt gau in hap yn ’e mûle, dan kin er neat sizze. Eins wol er neat fertelle oer dat boek.

Hy wol der earst mear fan witte. Yn gedachten neamt er it It Ferbeane Boek, mei haadletters. Dêr wurdt in wurd

belangryk fan, seit juf. It FB, nóch belangriker! Stadich kôget er troch, want hy mei net mei de mûle fol prate. Mar mem wachtet oant er de mûle leech hat.

‘Meist it net? Oars bist gek op andyvje mei in gehakbal.’

‘Hmm.’ Gau sil Fedde wer in hap yn ‘e mûle stekke as de telefoan giet. Dat sil heit wol wêze, dy bellet mei mem as er der jûns net is. Hastich yt Fedde syn board leech en glipt nei de keuken. Ha, der stiet in grutte puddingbeker op it oanrjocht dy’t noch heal fol sit. Hy set him op ‘e kop op in itensboard en fersiert it mei mûskes, saus en hagelslach.

Lekker! Gau opite foardat mem mei heit útpraten is.

Sûnder lûd te meitsjen rint er nei syn keamer. Yn syn sketsboek begjint er it boek mei it moaie slot te tekenjen. Hoe seach dat slot der ek wer út? As er no in computer op syn keamer hie, koe er it opsykje yn Google. Hoewol, hoe soe er sykje moatte? Hy kin ommers net iens type en lêze!

Wa soe him helpe kinne om út te finen hoe’t it sit mei dat slot en It FB?

Dy nachts kin Fedde net sliepe. Hy tinkt oan it grappige boekje mei moaie platen dat er fan heit en mem krige doe’t er in jier as fjouwer wie. Hy fûn it boekje sa prachtich dat se it him alle jûnen foarliezen. Op it lêst koe er it út de holle en begûn er it Jildou foar te lêzen. Net echt, fansels, dat koe er ommers net. Dêr wie er fierste lyts foar. Mar heit en mem fûnen dat geweldich en se fertelden elkenien dat Fedde Jildou foarlies. Letter begûn er de letters nei te tekenjen en doe koe er, seine heit en mem, prachtich skriuwe. En hy leaude it allegear! Doe’t er nei groep 3 gie, tocht er dat er alles al koe: lêze én skriuwe. Mar yn de boekjes fan skoalle stiene hiel oare wurden, en it skriuwen moast ek oars. Earst tocht er dat juf him foar de gek hold. Alles wat er koe of miende te kinnen, wie ferkeard. No’t Fedde dêr aan weromtinkt, wurdt

er wer lilk. Net juf, mar heit, mem, pake en beppe ha him foar de gek holden! As se net hieltyd sein hiene hoe knap as er alles koe, hie er it krekt as oare bern leard. Juf foetere no hiel faak op him en hy die al gau net mear mei yn 'e klasse. It boekje goaide er fuort.

Fedde smyt it dekbêd fan him ôf en rint nei it rût. Oan 'e oare kant fan de hage wennet buorman mei dat prachtige boek. It Ferbeane Boek! Nuver dat er dat sa graach lêze wol. Wat soe deryn stean? Wêr soe de kaai wêze? Wylst er dêroer neitinkt, krûpt er wer op bêd en falt úteinlik yn 'e sliep.

De oare deis wit er wat er dwaan moat. Hy sil Feyza freegje! Feyza wennet by him yn de strjitte en se sit in groep heger as hy. Stikem fynt Fedde Feyza geweldich. Se is moai, hat swarte krollen en in bril op. In fjoerreadenien! Hy woe dat hy dat doarde, mar syn bril is gewoan donkerblau. Faak, as se wille hat, skitterje har donkerbrune eagen achter de glêzen. Mar Feyza is foaral hiel aardich. Se sitte yn itselde lokaal en se hat alles meikrigen doe't Fedde problemen mei lêzen hie. Se siet derby doe't juf seurde en lilk waard en de oare bern him de gek oanstutsen. Feyza hat him nooit pleage.

Op it plein siket er har op. Se stiet mei har grutte broer Demir te praten.

‘Feyza, mei ik dy wat freegje?’

‘Hoi, Fedde. Tuurlijk, wat wil je weten?’

Har broer bliuwt by harren stean en dat wol er eins net.

‘It is eeeh ... privee.’

Demir laket. ‘O, moet ik weg?’

‘Eins wol.’

Gnizend rint Demir fuort, de kant fan syn klassegenoaten op.

‘Wat?’ freget Feyza.

‘Kinsto in geheim bewarje?’

‘Dat zal niet meevalLEN, nu je mijn broer hebt weggestuurd.

Die is nogal nieuwsgierig.'

Fedde twivelet. Hy kin fansels ek in oar om help freegje. Mar wa?

'Grapje, natuurlijk kan ik zwijgen! Vraag maar. Je moet wel opschieten, want het is bijna tijd.'

Fuort stiet juf op de stoepe mei de belle te swaaien.

'Komst fan 'e middei by ús?'

Feyza knikt en tegearre rinne se de skoalle yn.

Nei skoaltiid giet Feyza mei Fedde nei hûs ta. Op it oanrjocht stiet drinken foar him klear en in appel. Fedde makket ek wat drinken foar Feyza en jout har syn appel. 'Dy hoech ik net, wolsto him ha?'

'Lekker!' Se hapt der daliks yn.

'Helje ik efkes de tekening op.'

Rap fljocht er nei boppen, hy wol sa graach witte oft Feyza him helpe wol! As er wer ûnder is, krûpe se op 'e bank mei Fedde syn sketsboek.

'Wat kun je toch ontzettend mooi tekenen!' Feyza blêdet oandachtich it sketsboek troch. 'Ik wou dat ik dat kon!'

Fedde wurdt der hast ferlegen fan. 'Do kinst in protte oare dingen goed, dy't ik wer net kin. Sa as lêze.'

'Kun je echt niet lezen?' Feyza sjocht Fedde lyk oan mei har donkerbrune eagen. Se laket no net.

Fedde slacht de eagen del; sa hat noch noait ien nei him sjoen. 'Ik kin it nôch net. Dêrom ha ik dy meifrege.'

'Moet ik je iets voorlezen, dan?'

'Nee, dat net. Soest wat foar my lêze en type wolle?'

Fedde slacht de side mei it slot derop iepen.

'Wauw, wat is dat?'

'Dat is in sulveren slot op in boek.'

'Wat heb je dat prachtig getekend! Waar is dat boek?'

'By ús achterbuorman thús. Ik ha it juster sjoen en ik fûn it

sa moai. It is hiel âld.'

'Heb je je buurman er niet naar gevraagd?'

'Hy wie lilk en hy hat my ferbean om it boek ek mar oan te reitsjen! Der siet in grut slot op en dat ha ik neitekene. No ja, hast, want ik hie it der net by en ik koe it juster net goed sjen.'

'En nu?'

'Ik tocht datsto dit miskien opsykje koest, sadat ik wit hokker boek it is.'

'Maar waarom? Je kunt het toch niet lezen. En je mag er niet aankomen van je buurman.'

Fedde lûkt oan 'e skouders. Hy fynt it sels ek nuver. 'Doe't ik it boek seach, woe ik it oppakke en deryn sjen.'

Feyza sjocht him ûndersykjend oan. Dan seit se:

'Je wilde het lezen.'

Hoe wit se dat?

'Wêrom soe ik der net oankomme meie?'

'Je vertelde dat het een oud boek is. Misschien zo oud dat het bijna uitelkaar valt.'

'Kin dat?'

'Tuurlijk. Heel oude boeken moet je met handschoentjes aan bekijken. Maar waarom wilde je het lezen?'

'It wie krekt as raasden in protte stimkes: lês my, lês my! Mar doe kaam buorman.'

Feyza skodhollet. 'Wees nou eerlijk, Fedde, waarom lees je niet? Kun je het niet, of wil je het niet?'

'Ik fyn lêzen stom, en ik fyn boeken stom.'

'Misschien ben jij stom. Want als je eenmaal goed kunt lezen, worden boeken steeds mooier en spannender.'

Als je kon lezen en schrijven, had je mij niet nodig. Nou, we doen het zo: ik help je om de sleutel van dit boek te vinden én ik leer jou lezen. Je bent niet dom, als je dat soms dacht.'

It fielt as stiet Fedde yn 'e brân. Want it gefoel dat er dom is, hat er hiel faak.

'Okee.' Ho, wachtsje ris, seit er samar 'okee'?

Feyza laket nei him en knikt. 'Heb je hier boeken?'

'In kast fol!' Planken fol boeken ha heit en mem foar my kocht, tinkt Fedde. Boekjes foar begjinnende lêzers, boeken mei plaatsjes, mei foto's, spannende boeken, grappige boeken. Heit en mem ha se allegear foarlêzen. Mar sels hat er se, op dat iene boekje nei, net oanrekke.

'Als je wilt beginnen met lezen, zeg je het maar, dan gaan we aan de slag. Met lezen én met zoeken naar de sleutel van dat boek. Oké?'

'Okee.'

'Dan ga ik nu naar huis. Tot morgen bij school!'

Fedde lit Feyza derút. It leafst soe er daliks nei it hûs fan buorman gean om de kaai te sykjen. Al is it noch sa ferbean!